

It wurkjen mei deiritmekaarten

Deiritmekaarten binne fisuele helpmiddels dy't de ferskate ûnderdielen fan de dei werjouwe. Ze binne wichtich foar:

Struktuer en foarsisberens, bern fiele har feilich as se witte wat der barre sil. Deiritmekaarten meitsje de dei oersichtlik en foarsisber.

Understeuning fan de taalûntwikkeling, troch mei inoar de kaarten te bepraten, leare bern nije wurden en begripen. It stimulearret aktyf taalgebrûk en begripend lústerjen.

Selsstannigens en belutsenens, bern kinne sels sjen wat der op it programma stiet en har dêrop tariede. Dit fergruttet har gefoel fan autonomy en de belutsenens by de groep.

Ynklúzje en tagonklikens, foar bern dy't noch net folle Frysk of Nederlânsk ferstean of in taalefterstân hawwe, biede de fisuele kaarten ekstra hâldfêst. Ek bern mei in ûntwikkelingsefterstân profitearje hjirfan.

Rêst en minder oergongsproblemen, troch foarôf sjen te litten wat der komt, ferrinne oergongsmominten soepeler en ûntstiet der minder wjerstân.

- Hingje de kaarten (net te folle tagelyk) op in fêst plak wêr alle bern se sjen kinne.
- Besprek in pear kear per dei wat der dien is en wat der no komt.
- Belûk bern aktyf: lit se sels in kaart oanwize, in kniper derop sette of de kaart omdraaie.
- Pas it deiritme oan as der wat feroaret en beneam dit dúdlik.